

Piter Terpstra yn de Provinsiale Kommisje Bifoarding Frysk:

Fryske blêdden kinne gjin bisjen lije, lit se ien produkt meitsje

LJOUWERT — Pas nei twa âres
förgaderjen yn it provinsjehûs te Ljou-
wert kaem der justermiddel hwat aer-
dichheit oan de gearkomste fan de
Provinsiale Kommisje Bifoarding
Frysk Taelgebrûk. Doe waard de kon-
sept bigreating foar 1973 bisprutsen en
as ûnderdiel dêrfan de subsydjes oan't
tydskriften. Foar dat subsydje stien
fiif op it listke: Trotwaer mei f 5000
Alternatyf mei f 3000, De Stiennen Mar
mei f 5000, De Stim fan Fryslân mei
f 6000 en Frysk en Frij mei f 21.000
Piter Terpstra krige oer dizze saek i
earst it wurd en hy foun it mar in (to)
greate lûkse om f 32.000 oan (lêstneam-
de) trije aparte tydskriften te bistoeg-
jen.

Oer de ynhâld fan net ien fan trije
blêdden wie hy tofreden, hwant hwat
yn Frysk en Frij stiet kin men earne
oars ek lêze, it pagina's lang forhae
fan Sybrandy oer gewestfoarming yn
De Stiennen Man hie er ek neat oar
foun en as De Stim kritysk bisjoer
waard bleau dêr ek net folle fan oer
De hear Sybrandy koe de hear Terpstra
fan replyk tsjinje: Hy hie de helte far
allinne de earste side mar skreaun...
„As jou kwaliteitsboardieling fan de
oare blêdden navenant is...” De hear
Terpstra bea letter syn ekskuses oar
foar syn flater.

Soe it mei dy f 32.000 net mooglik
wêze ta ien better produkt to kommen
sa frege de hear Terpstra him ôf. Dat
soe der ek mear omtinken oan de
kwaliteit jown wurde kinne. Hy krige
hwat dit oanbilanget byfal fan de hear
Rudi Boltendal, dy't skrokken wie far
it hege bidrach, dat Frysk en Frij
freget. Hy spriek fan diskriminaasje
tsjin de literaire blêdden Trotwaer en
Alternatyf oer. Hy frege hwerom De
Strikel net op it listke stie, en dêr wie
de hear P. Terpstra al sa binijd nei. Dat
blêd soe neffens de hear Boltenda
minstens in acht- à tsientûzen goun-
hawwe moatte. Dan soe dat bidrach
mar van Frysk en Frij, Stiennen Mar

en Stim ôrpikt wurde moatte.

De Strikel

De earen bigounen de leden fan de
kommisje to tuitjes, do't de hear
Boltendal, dy't de Strikel, dat nou yn
Dif ôpnommen is, noch as in selsatan-
nich blêd biskôge, sei dat Dif gjin
subsydje krige.... Der waard him
oan it forstân brocht, dat Dif dit jier
mear as f 50.000 fan de provinsje
bart..., mear as alle oare Fryske
tydskriften meinoar foar takomm' jier
frege ha. Dan bin ik forkeard ynlochte,
sei de hear Boltendal.

Hwat in subsydje foar De Strikel
oanbilanget seach drs. Sybrandy, it nei
sa ljocht yn: „Oer kwaliteiten en sa fan
blêdden hoege wy hjir net to praten.
Der is in provinsiale regeling, dy't it
element kwaliteit bûten biskôging lit. Ik
soe De Strikel wol subsydje ta ha
wolle, mar it foldocht net oan de
provinsiale regeling: Men kin der net
apart in abonnemint op nimme en it is
net foar trije kwart Frysktalich.

Dra. Tony Feitsma fiede der neal
foar om via Deputearre Steaten de

redaksjes fan de blêdden de hinst to
jaen mei elkoar mar ien blêd út to jaen.
En yn Frysk en Frij bygelyks artikels
op to nimmen lyk as yn De Stiennen
Man stean. „As jo Frysk en Frij en De
Stiennen Man beide de nekke om-
draeije wolle, dan moet jo soks fral
dwaen”, foun hja. „It eardere Frysk en
Frij is mislearre omt men gjin each hie
voor de differentsaasje fan lêzerspublyk.
In stik of trije fan de Fryske blêdden
is hielendal gjin lûkse. Mr. dr. Klaes de
Vries biseach it forskynsel Frysk en Frij
tjige optimistysk: „It blêd bistiet noch
gjin heal jier en hat nou al safolle feart,
dat foar takommende jier al f 21.000
subsydje frege wurdt. Dat is in wûnder
yn Fryslân.” De bidragen waerden by
eintsjebislut oernommen lyk as se — op
ústel fan it deistich bistjûr — fêststeld
wiene. It úteinlik fêststellen bart troch

Deputearre Steaten.

Tryater

De bigreating foar 1973 birint yn
totaal in bidrach fan goed fjouwer ton,
hwerfan de helte werom komme moatte
soe út „de ton”, fan it ryk, yntusken
forhege ta f 125.000. Deputearre Piter
van der Mark die net sa optimistysk
oer it noch fierder (troch Den Haech)
oplûken fan dit bidrach. Dan soe de
bigreating bisnoeid wurde moatte. Hok-
ker posten? Foarsitter Heine Keuning
miende, dat dan yn it foarste plak foar
de toanielstifting Tryater (foar
f 110.000 op de bigreating) in oare
oplossing socht wurde moast. Fan it
bistjûr fan Tryater, dat lyk as bikend,
ôfgean wol, waard forwachte, dat it de
rinnende saken noch ôfhannelje sil en
de begreating foar it kommende selsjen
opmeitsje. Spesjael om út de swier-
richheden by Tryater to kommen sil
jany noch in gearkomste fan de kom-
misje hâlden wurde.

Der waard fierder praet oer in or-
ganisatoarysk meiwurker op it Buro
Taelbifoarding (foar It Fryske Boek,
Tryater en mooglik oare organisaasjes),
f 60.000 foar Fryske boeken, jild foar
Fryske learmiddels en oare saken. By
gelegenheit fan de Fryske Boekewike
sil wierskynlik it selskip Rients Grê-
ma Jones forsoargje. Op de jounen mei
in útkeapsjon fan f 2000 is in subsydje
to krijen fan maksimaal tûzen goun-
Der kinne net mear as fjouwer plakken
holpen wurde.

Foar it ûndersyk nei de Jong Fryske
Beweging sil de komisje, dy't dit
ûndersyk yn hannen hat, de ried jown
wurde dochs noch to bisykjen f 4000 los
to krijen bij Underwiis en Wittenskip —
pen. Net sawol en by CRM en by O. en
W., lykas mefrou G. Faber-Hornstra
ústeld hie en dêr't dr. De Vries pûr op-
tsjin wie. „Dan meitsje wy in hiele
minne beurt”.